









Gemeente Smellingerlân

KATEGORY	OANTAL	YNVESTARRE TROCH DE PROVINSJE FRYSLÂN
 ENERZJY EN DUORSUMENS	8	€ 96.534
 KEUNST EN KULTUER	25	€ 221.529
 LEEFBERENS	19	€ 377.046
 NATUER EN KULTUERHISTOARJE	19	€ 324.417
 SPORT	13	€ 245.942
 FERDUORSUMJEN MIENSKIPSGEBOUWEN	8	€ 247.435
 SOARCH EN WOLWÊZEN	3	€ 94.500
 FRYSLÂN FERBYNT – VRIJWILLIGERSDAG 2024	10	€ 5.000

Tankwurd

Ut namme fan de Provinsje Fryslân wol ik jimme as belutsen ynwenners, organisaasjes en frijwilligers tank sizze foar jimme grutte ynset yn de ôfrûne jierren! Mei troch jimme en help fan de Provinsje binne tal fan inisjativen ta útfiering brocht. Mei-inoar hawwe wy ús direkte libbensomjouwing moaier makke. Yn doarp, wyk en stêd. Sûnt 2015 stipet it Iepen Mienskipfûns tûzenen ideeën – grut en lyts. Allegear foar ús Fryske mienskip. Dat binne saken om grutsk op te wêzen en dêr geane wy ek mei troch. Sa bouwe wy fierder oan in leefbere en moaie provinsje dy't ús bynt.

Sijbe Knol
Deputearre Leefberens



GEMEENTE SMELLINGERLÂN

10 jier Iepen Mienskipfûns

It Iepen Mienskipfûns bestiet 10 jier. Foar jo leit de ynformaasjeblêd fan de gemeente Smellingerlân. Hjiryn kinne jo sjen hoe folle projekten de ôfrûne 10 jier troch de provinsje Fryslân stipe binne troch it Iepen Mienskipfûns.

Yn 2015 waard it Iepen Mienskipfûns oprjochte om subsydzjes dy't bedoeld binne foar frijwilligers tagonklikere en yntegrale te meitsjen en dat hawwe wy witten. Inisjatyfnimmers koene terjochte foar advys en help by oanfragen yn it streekhûs Súdeast Fryslân wat fêstige is yn De Gordyk. De provinsje waard oerspielt mei oanfragen. Fryslân brûst!



De Provinsje is grutsk dat se al 10 jier bydraacht oan it noch moaier en leefberder meitsjen fan de Fryske doarpen, wiken en eilannen. Mear ynformaasje oer it fûns en oankommende iepenstellingen treffe jo op: fryslan.fr/imfoanfreegje.

105

TOTAAL OANTAL PROJEKTEN

Yn totaal is € 1.612.403 troch de provinsje Fryslân ynvestearre yn projekten binnen gemeente Smellingerlân. Dat is € 28,19 de ynwenner.

YNVESTARRE BEDRACH:

Bydrage provinsje Fryslân
€ 1.612.403



Multiplier 7,12

ÚTLICHT:

Merzbau Dr8888

Yn 'e mande mei ynbringers en meibouwers út Súdeast-Fryslân is op inisjatyf fan Museum Drachten in sirkulêr keunstwurk op it Raadhuisplein yn Drachten ferriisd. Keunsthistoarje, technykûnderwiis, sirkulariteit, wolwêzen en regiomarketing binne yn dit projekt byinoar kommen. It keunstwurk hat de foarm fan in 8 en is 8 meter heech. In ikoanysk ynrychtingselement om it sintrum fan Drachten kompakter, autolij, griener en oantrekliker te meitsjen. Foar it keunstwurk binne 200 motorkappen fan de autosloop brûkt. It keunstwurk ferwiist nei de eksperimintele keunststreaming dadaïsme, wêrby't ûnder oare keunst makke wurdt fan ôftanke materialen. Faak sûnder foaropset plan en bedoeld om it publyk oan it tinken te setten. It perk dêromhinne is mei ynwenners en learlingen boud fan ynlevere stiennen. It mienskipkeunstwurk is op freed 8 maart 2024 om 8 minuten oer 8 offisjeel ûntbleate.




Projektkart gemeente Smellingerlân

Sûnt de oprjochting fan it Iepen Mienskipfûns (IMF) yn 2015 binne der al mear as 2500 projekten realisearre dy't de leefberens yn Fryslân ferbetterje. Dy inisjativen, inisjearre en útfierd troch ynwenners sels, hawwe net allinnich de regio fersterke, mar ek de ferbining en it eigenskip tusken de bewenners en harren omjouwing.

Dizze projektkart jout in byld fan it tal ôfrûne projekten yn de gemeente Smellingerlân.

NIJSGJIRRICH NEI
DE PROJEKTEN?



Drachten | Smellingerland

TALJOCHTING:

- | | | |
|---|---|--|
| 
Energjy en Duorsumens | 
Keunst en Kultuer | 
Leefberens |
| 
Mienskip en Bedriuw | 
Natuer en Kultuerhistoarje | 
Sport |
| 
Ferduorsumjen
Mienskipsgebouwen | 
Soarch en Wolwêzen | 
Fryslân Ferbynt |

OANTAL PROJEKTEN: 105

TOTAAL YNVESTEARRE BEDRACH TROCH DE MIENSKIP: € 11.482.908

TOTAAL YNVESTEARRE BEDRACH TROCH DE PROVINSJE FRYSLÂN: € 1.612.403